

# Grize mûs en VVD-broekje

F 20 13-10-12

## Frysk

troch Jaap Krol

Sjerp Bak is sjoernalist by de stedsredaksje fan in regionaal deiblêd. Hoewol't er yn de fyftich is en al oan it oertinken slacht, telt er ek syn seinigingen: gjin frou of bern, mar wol beskieden lok en in fêste, soms wat saaie baan. Bak is letterlik en figuerlik in wat grize mûs, belêste mei tekoartkommings, mar ek noch fol goede moed. Dat feroaret hommels as er it jonge VVD-gemeenteriedslid Remco Beets yn it midden fan 'e nacht tsjinkomt, spul mei him kriget en him yn syn hûs (yn Beets) deaslacht. It is ek net samar wat as in skynber súksesfol broekje dy lytsachtet en dy it 'risee fan de Fryske sjoernalistyk' neamt. Wat te dwaan? De saak bedekke fansels en dan mar hoopje dat de bewizen foldwaande fuortmoffele binne.

Om't Bak sjoernalist is moat er ferslach dwaan oer de misdied dy't er sels begien hat. In komplisearjende faktor is dat it grutte lok him einlik ta liket te laitsjen. Bak is nammentlik fereale rekke op CDA-wethâlder Geke Jensma, in leafde dy't fan twa kanten komt.

Yn it ûndersyk op de moard op Beets wurdt hieltyd dúdliker dat it riedslid in skimmich libben hie. Fan syn dubieuze libbensrin hat Bak yn syn ferslachjouwing dan ek hiel wat profyt. In tûke set, liket it, mar as bliken docht dat de plysje de saak fakkundich op

liket te lossen en Geke hieltyd mear argewaasje kriget, komt grize mûs Bak mear en mear mei de rêch tsjin de muorre.

Sjoernalist en (misdied)skriuwer Sietse de Vries skreau it kadoboek yn it ramt fan Moanne fan it Fryske Boek. In ferrassend boek, fyn ik. Want Bak giet nerges oer, wat ik as komplimint bedoel. In man mei in hiel werkenber minderwaardichheidskompleks, in man ek dy't fan it libben genietet, sûnder skrupules de saak oan inoar liigt en him oeral út rêdt, dat binne de perfekte yngrediënten fan in spannend ferhaal sûnder mjitte. Hearlik ûnmooglik dus, mar erges ek wol wer wierskynlik. It geheim: de luchtige pinne fan de skriuwer. De Vries fersearret nerges, fertelt kompakt en lit syn bêst wol saaie haadpersonaazje yn in heech tempo troch de siden fleane. As ik dan wer fernim dat de haadpersoan it foar de safolste kear Spaansk benaud krijt en om in ferlechje siket om't ien him mei wat konfrontearret, dan tink ik: Bak jonge, wat bist in moai figuer.

**i** Bak (kadoboek Moanne fan it Fryske Boek), Friese Pers Boekerij, Ljouwert 2012, priis: Dit wykein noch fergees by oankeap fan 10,00 euro oan Fryske Boeken

